

Skriftlike fragen oangeande it berjocht fan Wylde Weide Landschapsbeheer (Facebook, sneon 26 oktober 12:05), oangeande it gemeentlik beslút ôfskie te nimmen fan it skieppekeppel fan Wylde Weide en oer te gean op masinaal meanen | <https://www.facebook.com/WyldeWeide>

Bêste leden fan it Ljouwerter kolleezje,

- Yn 2029 miskien in zero-emmissie zone yn de Ljouwerter binnenstêd
- It griene perkje njonken de Stedswaach
- In foarútstribjend beliedskader bioferskaat
- De nije wettersoarchheffing

It koalysjeakkoard stiet fol mei duorsume inisjativen, guon yngewikkeld, oaren miskien ûnhelber en treden hiel goed út te fieren. Each foar de Fryske natoer en alles wat dêr yn libbet fine wy hiel wichtich, in protte duorsume inisjativen passen ús as FNP dan ek as in jas, salang't it helber, praktysk en logysk bliuwt.

As FNP Ljouwert sjogge wy dan ek raar op fan it berjocht fan Wylde Weide Landschapsbeheer om as gemeente Ljouwert ôfskied te nimmen fan de skieppekeppels. Wichtiger noch; de ynwenners fan dizze wyk binne bot teloarsteld dat der oergien wurde sil op masinaal meanen. Njonken de oanpassing dy't dit nei 8 jier ferget fan de planten, sil it masinaal meanen ek foar in fersteuring soargje by de bisten.

“De schapen zijn hier zo welkom, ze horen er echt bij. Bovendien een klein stukje natuur in de stad,” is (mar) ien fan de reaksjes út Zuiderburen. De ynwenners fan Goutum, Techum en Zuiderburen, Wiarda en Cammingaburen binne planút frustrearre.

As FNP fraksje hawwe wy dan ek de folgjende fragen:

1. Wat is it ferskil yn kosten fan it weidzjen fan in skieppekeppel en masinaal behear?
2. Is der útsocht wat de gefolgen binne foar de plantegroei? Sa ja, dan soene wy dy gegevens graach ynsjen wolle.
3. Is der útsocht wat de gefolgen binne foar de bisten? Sa ja, dan soene wy dy gegevens graach ynsjen wolle.
4. Binne de wykferienings Zuiderburen, Techum, Wiarda, Cammingaburen en doarpsbelang Goutum frege nei de ûnderfinings mei it skieppekeppel?
5. Binne de wykferienings Zuiderburen, Techum, Wiarda, Cammingaburen en doarpsbelang Goutum op 'e hichte brocht oangeande dit beslút?
6. Is it kolleezje it mei ús iens dat dizze kar folslein net past yn it kader fan it beliedskader bioferskaat?
7. Is it kolleezje it mei ús iens dat sa'n draai net út te lizzen falt oan ús boargers, mei each op de alderearste punten boppe-oan dizze brief?

Wy binne hiel benijd nei jimme antwurden, mar hoopje mear dat jimme goed sjogge nei de útfiering fan it duorsume belied mei each foar ús natoer en de gefolgen fan de boppeneamde beslissing.

Ut namme fan FNP Ljouwert,
Janneke de Boer, fraksjeassistint FNP Ljouwert

As oanfollling op boppesteande:

Juny 2024 | Beleidskader biodiversiteit

<https://www.leeuwarden.nl/wp-content/uploads/2024/06/Beleidskader-biodiversiteit.pdf>

2013

https://www.leeuwarden.nl/wp-content/uploads/import/rapport_groen_gezond_voor_mens_en_dier1.pdf